



# Sintrum Frysktalige Berne-opfang



**Meartalichheid befoarderet de talige, de sosjale en de yntellektuele ûntwikkeling fan bern. Dat is it útgongspunt fan it Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO). Wy helpe liedsters yn it pjuttewurk en de berne-opfang by it foarmjaan fan taalbeleid en by it útfieren yn de praktyk. Persoanlik en saakkundich.**

Meertaligheid bevordert de talige, de sociale en intellectuele ontwikkeling van kinderen. Dat is het uitgangspunt van het Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO). Wij helpen leidsters in het peuterwerk en de kinderopvang bij het vormgeven van taalbeleid en bij het uitvoeren in de praktijk. Persoonlijk en deskundig.

## WA BINNE WY?

It SFBO is it ynformaasje-, kennis- en stipepunt op it mêd fan meartaligens en taalstimulearring yn de foarskoalske perioade.

## WAT DOGGE WY?

Wy binne sûnt 1989 aktyf. Earst mei Frysktalige pjutteboartersplakken, letter ek mei twatalige berne-opfang. Yn 2003 krigen we de romte fan de Provinsje om oeral yn Fryslân pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen te helpen by it ûntwikkeljen fan taalbelied. Sûnt groeit it tal pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen dat mei in Frysk- of twatalich belied wurket jierliks mei sa'n 10 plakken.

## WÊROM?

Ut ûndersiken op universiteiten oer de hiele wrâld docht bliken dat bern der baat by hawwe om har op jonge leeftyd mear as ien taal eigen te meitsjen. Meartaligens befoarderet de talige ûntwikkeling, mar ek de sosjale en yntellektuele ûntwikkeling. Om dy foardielen goed te benutten is it fan belang om te soargjen dat de talen inoar net bekonkurrearje, mar oanfolje. Dat jildt benammen yn sitewaasjes dêr't sprake is fan in mearderheids- en in minderheidstaal. De fûstregel is dan: konsekwent taalgebrûk en goed omtinken foar de minderheidstaal.

Het SFBO is hêt informatie-, kennis- en steunpunt op het gebied van meertaligheid en taalstimulering in de voorschoolse periode.

Wij zijn actief sinds 1989. Eerst met Friestalige peuterspeelzalen, later ook met tweetalige kinderopvang. In 2003 stelde de Provinsje ons in de gelegenheid om overal in Fryslân bestaande peuterspeelzalen en kinderdagverblijven te ondersteunen bij het ontwikkelen van taalbeleid. Sindsdien groeit het aantal peuterspeelzalen en kinderdagverblijven dat met een Fries- of tweetalig beleid werkt met zo'n 10 locaties per jaar.

Uit onderzoeken op universiteiten over de hele wereld blijkt dat kinderen er bij gebaat zijn zich op jonge leeftijd meer dan één taal eigen te maken. Meertaligheid bevordert de talige ontwikkeling, maar ook de sociale en intellectuele ontwikkeling. Om die voordelen goed te benutten is het van belang ervoor te zorgen dat de talen elkaar niet beconcurreren, maar aanvullen. Dit geldt met name in situaties waarin er sprake is van een meerderheids- en een minderheidstaal. De vuistregel is dan: consequent taalgebruik en veel aandacht voor de minderheidstaal.

*Koördinaasje en begelieding f.l.n.r.:  
Sjoeke Kampen, Marike Elsinga, Annet Bouma,  
Jitske Krol, Sytske de Boer, Johanna Zaagmans  
en Mirjam van der Hoek*



It SFBO stipet pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen by it ynfieren fan taalbelied yn de praktyk, om sa de foardielen fan meartaligens optimaal te benutten.



Het SFBO ondersteunt peuterspeelzalen en kinderdagverblijven bij het invoeren van taalbeleid in de praktijk, om zo de voordelen van meertaligheid optimaal te benutten.

### **IS IT NET FOLDWAANDE BERN OP TE HEINEN YN DE MEMMETAAL?**

Nee. Yn in meartalige omjouwing is it echt nedich om mei in bewust taalbelied te wurkjen. Oars komme de foardielen fan meartaligens net goed ta har rjocht en wurde de bern yn it slimste gefal net meartalich, mar healtalich.

### **HOE WURKJE WY?**

Wy geane by de pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen del om te helpen by it kreëarjen fan in taalrike omjouwing foar de bern. Der wurdt konsekwint mei de talen omgien: ien-persoan-iën-taal. Alden wurde dêr fansels by belutsen. We jouwe ynformaasje en hâlde âlderjûnen oer meartaligens en it belang fan taalbelied en taaloanbod. Us ûnderfining is dat goed ynformearre âlden har prima fine kinne yn Frysk- of twatalich belied. Fierder hawwe wy in ûnôfhinklike fisitaasjekommisje dy't de plakken beoardeiet op de útfiering fan it belied. As dat ynoarder is, komme de organisaasjes yn oanmerking foar in sertifikaat en in subsydasje fan € 2250 fan de Provinsje Fryslân.

Nee. In een meertalige omgeving is het echt nodig om met een duidelijk taalbeleid te werken. Anders komen de voordelen van meertaligheid niet goed tot hun recht en worden de kinderen in het ergste geval niet meertalig, maar halftalig.

Wij bezoeken peuterspeelzalen en kinderdagverblijven om te helpen bij het creëren van een taalrijke omgeving voor de kinderen. Daarbij gaan wij consequent met de talen om: één-persoon-één-taal. Natuurlijk worden ouders hierbij betrokken. Wij verstrekken informatie en organiseren ouderavonden over meertaligheid en het belang van taalbeleid en taalaanbod. Onze ervaring is dat goed geïnformeerde ouders zich prima kunnen vinden in Fries- of tweetalig beleid. Verder hebben wij een onafhankelijke visitatiecommissie die de locaties beoordeelt op de uitvoering van het beleid. Wanneer dit in orde is, komt de organisatie in aanmerking voor een certificaat en een subsidie van € 2250 van de Provinsje Fryslân.



## MEAR WITTE?

Mear witte oer meartalige berne-opfang?  
Mear witte oer it sertifisearringstraject?

De adviseurs fan it Sintrum binne betûft op it mêd fan meartaligens en taalûntwikkeling en ha in soad ûnderfining mei it begelieden fan liedsters yn 'e foarskoalske opfang. Se jouwe kundich advys en helpe by it ûntwikkeljen fan beleid en materialen. Foar al jo fragen kinne jo terjochte by it SFBO.

Meer weten over meertalige kinderopvang?  
Meer weten over het certificeringstraject?

De adviseurs van het SFBO zijn kundig op het gebied van meertaligheid en taalontwikkeling en hebben veel ervaring in het begeleiden van leidsters in de voorschoolse opvang. Zij geven deskundig advies en helpen bij het ontwikkelen van beleid en materialen. Voor al uw vragen kunt u terecht bij het SFBO.

## Sintrum Frysktalige Berne-opfang

Postbus 298  
8901 BB Ljouwert  
058-2348525  
ynfo@sfbo.nl  
www.sfbo.nl